Ministerie van Binnenlandse Zaken en Koninkrijksrelaties

> Retouradres Turfmarkt 147 2511 DH Den Haag

Aan de Voorzitter van de Tweede Kamer der Staten-Generaal
Postbus 20018
2500EA Den Haag

Ministearje fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
Direktoraat-generaal
Iepenbier bestjoer en demokratyske rjochtsteat

Turfmarkt 147
2511 DH Den Haag
Nederlân
www.rijksoverheid.nl
www.facebook.com/minbzk
www.twitter.com/minbzk
www.linkedin.com/company/ministerie-van-bzk

Datum	27 december 2023
Oer	Werkprogramma DINGtiid 2024-2025

Skaaimerk
2023-0000774670

Jo skaaimerk

Achte Foarsitter,

Hjirby bied ik jo it wurkprogramma 2024-2025 oan fan DINGtiid, it orgaan foar de Fryske taal.

De Wet gebrûk Fryske taal[1] bepaalt dat der in orgaan is foar de Fryske taal. Dat orgaan hjit DINGtiid. It orgaan hat as taak om de likense posysje fan de Fryske en de Nederlânske taal yn de provinsje Fryslân te befoarderjen. DINGtiid bringt frege en net-frege advys út oan it Ryk en de provinsje Fryslân. Yn neifolging fan kêst 22 fan de Wet gebrûk Fryske taal stelt it orgaan twajierliks in wurkprogramma op.

It wurkprogramma befettet de haadlinen fan de foarnommen aktiviteiten yn de perioade 2024-2025. DINGtiid hat derfoar keazen om de advizen yn de kommende perioade te rjochtsjen op de lange termyn ambysje foar it Frysk, it ûndersyk nei de gearstalling en ynfolling fan in lanlike kommisje Frysk, Frysk yn it heger ûnderwiis, Frysk yn it MBÛ en Frysk yn it rjocht. DINGtiid foldocht fierder oan syn wetlike taak yn it advisearjen fan it ta stân kommen fan de nije BFTK 2024-2028 en de tuskentiidske rapportaazje yn 2026.

Heechachtsjend,

De minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes,

Hugo de Jonge

[1] Wet gebruik Friese taal - BWBR0034047 (overheid.nl)